

Provinsjale Steaten fan de Provinsje Fryslân

Ljouwert, 23 maaie 2017

Ferstjoerd,

**24 MEI 2017**

Ús merkteken : 01420901  
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal  
Opsteld troch : N.J. de Vries / (058) 292 80 44 of n.devries@fryslan.frl  
Jo merkteken :  
Taheakke(n) : Tuskenrapportazje Taalplan Frysk - maaie 2017  
Ûnderwerp : Tuskenrapportazje Taalplan Frysk - maaie 2017

Achte Steateleden,

Taheakke stjoere wy jo de Tuskenrapportazje fan it Taalplan Frysk (mjitmomint: 4 maaie 2017). Dit op fersyk fan de steatefraksje fan de FNP, as ûnderdiel fan har skriftlike fragen fan 5 desimber 2016 (fragen: 01377683 / beantwurdig: 01382573) en 3 maaie 2017 (fragen: 01418089 / beantwurdig: 01420001).

Wy tidigje derop jo hjirmei foldwaande ynformearre te hawwen.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

  
drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.J. van den Berg, sekretaris  
foar dizze dra. A.L. Piet, loko-sekretaris

## Tuskenrapportazje Taalplan Frysk - Maaie 2017

### Eftergrûn

Yn it ferline koe, op basis fan de WPO (Wet op het Primair Onderwijs) en de WVO (Wet op het Voortgezet Onderwijs), allinne in folsleine ûntheffing foar it Frysk ferliend wurde troch Deputearre Steaten fan Fryslân. De stjoergroep Hoekstra hat yn 2010 advisearre om de WPO en de WVO sadanich oan te passen dat Deputearre Steaten njonken in folsleine ûntheffing, ek in parsjele ûntheffing foar ien of mear keardoelen ferliene koe.<sup>1</sup> Dat advys is opfolge en mei yngong fan 1 augustus 2014 is de wiziging op dit punt fan de WPO en de WVO yn wurking treden.

### Beliedsregel

It fernijde foech fan Deputearre Steaten is útwurke yn de beliedsregel *'Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs'* dy't op 26 juny 2015 yn it Provinciaal Blad publisearre is. Der binne ferskillende ûntheffingsprofilen ynrjochte, dy't basearre binne op de ferskillende keardoelen foar it Frysk dy't respektivelik yn de WPO en de WVO beskreaun binne. Mei it fêststellen fan de beliedsregel binne eventueel earder fêststelde ûntheffingen, lykas dy yn it ferline ynsidinteele ferliend binne op bgl. de Waadeilannen en yn de Stellingwerpen, komme te ferfallen.

### Wetlik ramt

It wetlik ramt by de Beliedsregel wurdt foarme troch de WPO, de WVO, it Besluit vernieuwde kerndoelen WPO en it Besluit kerndoelen onderbouw VO. Ek binne as eftergrûn de Wet Gebrûk Fryske Taal, de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018 en it fan tapassing wêzende provinsjale belied fan krêft.

### Taalplan Frysk

Under de namme Taalplan Frysk wurdt útfiering jûn oan de Beliedsregel. Nei in tariedingsfaze, dêr't ôfstimming mei skoalbestjoeren en oare belutsen partijen yn socht is, is yn april 2016 begûn mei it ôflizzen fan de skoalbesiten. Ein 2017 moatte alle skoallen yn Fryslân dy't ûnder de WPO en de WVO falle besocht wêze troch de ûnderwiiskundigen dy't hjirta yn tsjinst naam binne troch fan NHL/ECNO.

Te gearre mei de ûnderwiiskundigen stelt eltse skoalle in Taalplan Frysk op. Dêryn wurdt û.o. oanjûn wat de skoalle krekt oan it Frysk en/of de yn de regio brûkte streektaal docht en hokker ambysjes de skoalle hat op dat mêd. Dat Taalplan wurdt fêststeld troch Deputearre Steaten en at soks fan tapassing is, wurdt de skoalle foar in perioade fan maksimaal fjouwer jier ûntheffing ferliend foar de keardoelen dy't sy op it stuit fan de skoalbesite noch net hellen.

Utgangspunt by it Taalplan Frysk is dat de parsjele ûntheffing in tydlike maatregel is yn in groeimodel. Der wurdt nei stribbe dat skoallen yn it Fryske taalgebiet, wêr't it Frysk de deistige omgongstaal is, eltse fjouwer jier minder ûntheffing nedich binne. Dêrom wurde de ambysjes fan de skoalle ek yn de oanfraach meinommen.

De eksersysje yn 2016 en 2017 fungearret as nulmjitting. De provinsje krijt krekt yn byld hoe't it Frysk der yn it ûnderwiis foar stiet en hoe't eltse skoalle ynfolling jout oan it fak Frysk. Mei dizze ynformaasje wurdt it mooglik om skoallen maatwurk oan te bieden oangeande it formulearjen en realisearjen fan ambysjes.

---


<sup>1</sup> Advys fan de Stjoergroep desentralisaasje Fryske taal fan Ryk nei de provinsje Fryslân (Stjoergroep Hoekstra), *Fries in het onderwijs: meer ruimte, regie en rekenschap voor de provincie Fryslân*, 2 july 2010

## Stân fan saken primêr ûnderwiis (mjittomint: 4 maaie 2017)

Totaal oantal skoallen:	428
Oantal makke ôfspraken:	247
Oantal ferliende ûntheffingen:	140

**Opmerking:** De trochrintiid fan de folsleine Taalplanproseduere is betiden wol in wike as tsien, dat der sit in diskrepânsje tusken it tal makke ôfspraken en it tal ferliende ûntheffingen. Hjirûnder wurdt it tal ferliende ûntheffingen yn profilen wêrjûn:

Profyl	Oantal ferliende ûntheffingen	Untheffing foar:
A	54 38%	Neat (gjin ûntheffing)
B	26 18%	Skriuwe (21)
C	28 20%	Lêze (20), skriuwe (21)
D	3 3%	Lêze (20), skriuwe (21), taalbeskôging (22)
E	17 12%	Prate (19), lêze (20), skriuwe (21), taalbeskôging (22)
F	12 9%	Harkje (18), prate (19), lêze (20), skriuwe (21), taalbeskôging (22)
G	0 0%	Alles (folsleine ûntheffing)
Totaal	140 100%	



## Kearndoelen primêr ûnderwiis, lykas formulearre yn de WPO

### **Mondeling taalonderwiis**

17 De learlingen ûntwikkeljen in positiive attitúde ten opzichte van het gebruik van Fries door henzelf en anderen.

18 De learlingen lere informatie te verwerven út gesproken Fries. Het gaat om teksten die informatie geven, plezier verschaffen, meningen of aanwijzingen bevatten over voor hen bekende onderwerpen.

19 De learlingen lere zich naar inhoud en vorm in het Fries út te drukken in situaties út hun dagelijks leven waarin zij informatie vragen of geven over een onderwerp waarmee zij vertrouwd zijn

### **Schriftelijk taalonderwiis**

20 De learlingen lere informatie te verwerven út teksten in het Fries in frequent voorkomende teksttypen (zoals artikelen in jeugdrubrieken, liedjes, verhalen).

21 De learlingen lere eenvoudige teksten in het Fries te schrijven over alledaagse onderwerpen met het doel met anderen over die onderwerpen te communiceren.

### **Taalbeskouwing, waaronder strategieën**


22 De learlingen verwerven in woordenschat van frequent gebruikte Friese woorden en strategieën voor het begripen van voor hen onbekende woorden.

## Stân fan saken fuortset ûnderwiis (mjittomint: 4 maaie 2017)

Totaal oantal skoallen:	83
Oantal makke ôfspraken:	52
Oantal ferliende ûntheffingen:	24

**Opmerking:** De trochrintiid fan de folsleine Taalplanproseduere is betiden wol in wike as tsien, dat der sit in diskrepânsje tusken it tal makke ôfspraken en it tal ferliende ûntheffingen. Hjirûnder wurdt it tal ferliende ûntheffingen yn profilen wêrjûn:

Profyl	Oantal ferliende ûntheffingen	Untheffing foar:
A	16 67%	Neat (gjin ûntheffing)
B	6 25%	kearndoel 4b, 5b, 6b
C1	1 4%	kearndoel 4a, 5a, 4b, 5b, 6b
C2	1 4%	kearndoel 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b
D	0 0%	Alles (folsleine ûntheffing)
Totaal	24 100%	



### Kearndoelen fuortset ûnderwiis, lykas formulearre yn de WVO

- De learling leart de betekenis ûnderkennen van de tweetalige cultuur voor het dagelijks leven en leert deze te vergelijken met situaties in de rest van Nederland en daar buiten.
- De learling leart aan de hand van voorbeelden de specifieke kenmerken van de Friese cultuur begrijpen en deze in verband te brengen met de historische achtergronden daarvan. De learling leart aan de hand van voorbeelden het belang van Friese cultuuruitingen ûnderkennen (teksten, muzyk, toneel, film, TV en radio) en de betekenis die hij daaraan hecht onder woorden te bringen.
- 

#### **Voor leerlingen met Fries als tweede taal**

- De learling leart om via voor hem zinvolle contexten een Friese woordenschat op te bouwen door verschillende strategieën toe te passen.
- De learling leart informatie op te zoeken en te ordenen uit schriftelijke en digitale Friestalige bronnen op basis van vragen over onderwerpen binnen zijn eigen belangstellingssfeer.
- De learling leart een informeel gesprek in het Fries te voeren met leeftijdgenoten over onderwerpen uit het dagelijks leven.

#### **Voor leerlingen met Fries als moedertaal**

- De learling leart zich mondeling en schriftelijk begrijpelijk uit te drukken en zicht te houden aan taalconventies die voor het Fries gelden (spelling, grammaticaal juiste zinnen, woordgebruik).
- De learling leart het belang van het communiceren volgens gangbare taalregels van het Fries in formele situaties ontdekken (werkoverleg, planning, discussie).
- De learling leart Friese verhalen, gedichten en informatieve teksten te kiezen en te lezen die tegemoet komen aan zijn belangstelling en zijn belevingswereld uitbreiden.